

JK, in Krystgedicht

Stjerren en planeten, se stiene krekt goed, sa wisten de wizen.
De trije mannen hiene net iens in kompjûter, kinne je neigean.
Op ezels of kamelen gie de rûge reis nei it westen, it waar foel ta.

In wite do sirkele hieltyd om Balthasar hinne, skiet him op syn kop.
Wat soe dat bist, wie it faaks in symboal, de reizgers wisten it net.
Ljocht boppe it doarpke Bethlehem draaide rûn yn rare kleuren sa

wie it oars net foarsein troch de âlde profeten. It reizgjend selskip
bedarre by it doel dêr't in striel op foel, in suterige stâl krekt bûten
it doarp. Dêr lei in berntsje yn in krêbe, de trije mannen moasten gûle.

Lekker rûkersguod foar Maria en Joazef krige reade wyn en in sigaar.
De wurge gelearden út it easten foelen op 'e knibbels del, koene net
prate. It berntsje lykwols sei: 'ik bin it ljocht. Sa is't en net oars.'